

Een brief van heit aan Jasper Otter

*Joure, 17-06-2002*

*Hoe voelt het om 10 jaar te worden? Ik vond het vroeger wel mooi. Toen ik 10 jaar werd kreeg ik een muziekinstrument. Wat het was, weet ik niet zeker meer. Op de foto's die ik je stuur, sta ik een keer met een bugel, een keer met een piston en een keer met een esbugel. Die es-bugel kon hele hoge tonen "toveren". Tenminste als je er goed op blies. Dat moest ik doen in Indonesië bij een militaire kapel. Op de foto zie je de barakken waar we met z'n allen op één grote zaal sliepen en aten en zo. Op de foto met de feestmutsen zie je de dirigent in het midden vooraan. Die heeft mij lesgegeven en hij was mijn meester op school. Muziek maken vond ik altijd plezierig. Wij (heit en mem) hopen dat jij ook een goede muzikant wordt. Een fijne verjaardag.*

Petear tusken heit en Willem, maaie 2006 (foar de jinge dy't frysk lêze kin)

Willem freget hoe 't it kaam dat heit trompet spyljen gong.

As de bêrn sjonge moasten koe heit wol aardich de maat hâlde. Dat wie master wol opfallen. Master frege heit oft heit helpe woe by it pûstetraapjen fan it tsjerkeoargel. Master wie ek dirigent fan it korps yn it doarp. Master joech my de trompet en ik siet al frij jong by dat korps. Doe't ik wat âlder waard en bij it leger kaam, doe hat dyselfde skoalmaster foar my in oanbefelling, in oanrekommandearjen skreaun. Dus doe't ik noch mar krekt yn Indonesië wie mocht ik audysje dwaan foar de militaire kapel en ik waard oannaam. Ik ha miskien mar ien as twa dagen echt as soldaat yn aksje west.

Nei de oarloch kaam ik thûs en gie ik oan it wurk by de architekt, yn de bou en in skoftke letter gong ik mei mem yn Snits yn in flatsje wenjen. Dat wie noch in hiel gedoch en wy wiene bliid dat we wat krije koene. Wat moat dat foar mem in feroaring west ha. Fan de buorkerij nei dy benaude flat yn Snits. Mar mem seurde of kleide nea. We hiene krekt de boel teplak, as dêr wie al ien oan de doar foar Teake Otter. Oft Teake wol by "de Harmonie" yn Snits spylje woe. Se hiene fia freonen fan de skoalmaster heard dat Teake trompet spylje koe. Dat ha ik doe mar dien. It orkest stelde doe ek noch net iens safolle foar. Eins fiel ik my no noch hieltyd wat skuldich tsjinoer mem, omdat

ik mem safolle allinnich litten ha. Ik wie deis fuort, mar ik wie ek hast alle jûns fuort. Want jûns moast ik ek noch studearje fûn ik sels. Mem hat der noait wat oer sein. Mar der hat ien momint west dat se it my fiele litten hat. Dat wie doe't ik in lintsje krige, ik waard ridder. Se hiene har frege om te kommen. Mar se wie der net. Ik siet dêr tusken allegear oaren ,dy't wol frou en bêrn mei hiene, ik siet dêr dus hielendal allinnich myn lintsje yn ûntfangst te nimmen. Doe tocht ik "se hat gelyk, dit is har manier om wat dûdlik te meitsjen".

Oh ja, oer de musyk en myn trompetspyljen hiene we it. It is spitich dat ik stopje moatst mei trompetspyljen. It woe net mear doe't ik nye tosken krige. Mar Willem, doe kaamst do by de Harmonie. It ha it trompetstokje trochjûn oan Benno en Willem. Mar ik ha neffens my jim noait twongen of oantrûne op de kar foar dat musykynstrumint. It is tocht ik altiten jimme eigen beslissing west. Moai dat Jasper no ek wer trompet spilet. It bliuwt sa yn de famylje.